

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân  
FNP, W. Veenstra  
Postbus 20120  
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 24 septimber 2019

Ferstjoerd, **25 SEP. 2019**

Ús merkteken : 01698619  
Ôfd/Opjefte : Griene regeljouwing  
Opsteld troch : Team Groene Regelgeving  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer Ynformaasjepunt nije stikstof oanpak

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 5 septimber 2019, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynleiding

Op 29 maaie 2019 hat de Ried fan Steat besletten dat de Programmatiske Aanpak Stikstof (PAS) net mear brûkt wurde mei foar aktiviteiten dy't stikstof produsearje en dat fergunningen nedich binne foar it weidzjen fan fee en it bedongjen fan it lân.

Minister Schouten fan Lânbou, Natuer en Itenskwalityt hat yn de simmer in advyskommisje ynsteld. De komisje sil op koarte termyn advisearje oer de wize wêrop tastimming ferliend wurde kin foar ûntwikkelingen dy't stikstofdeposysje jouwe op dêrfoar gefoelige plakken. Neffens de plening sil de advyskommisje yn it begjin fan de hjerst (twa moannen nei beneaming) mei foarstellen komme.

Op dat stuit sil der in grut ferlet wêze fan ynformaasje oer wat dy nije foarstellen foar de yndividuele boarger of it yndividuele bedriuw betsjut.

De FNP fynt it wichtich dat boargers, bedriuwen, oare Fryske oerheden en belutsenen op in leechdrompelige wize ynformaasje krije kinne oer de nije mooglikheden en ûnmooglikheden.

*Fraach 1:*

*Binne Deputearre Steaten ree om in ynformaasjepunt yn te stellen wêr't bedriuwen, boargers, oare oerheden en belutsenen telâne kinne mei alle fragen dy't sy hawwe oer de nije oanpak fan de stikstofproblematyk?*

Antwurd fraach 1:

Bedriuwen, boargers en oare oerheden, kinne alle dagen sawol telefoanysk as per e-mail fragen stelle oer it PAS fia de Frontoffice fan it Team Groene Regelgeving.

10 july 2019 wie der in ynformaasje gearkomste organisearre foar gemeenten, wetterskippen, FUMO en ús direkte (neistlizzende) provinsjes. Yn dizze gearkomste hat ENVIR advocaten in earste útiensetting jûn fan de konsekwinjes fan de útspraak fan de Raad fan State oer it PAS. En hat de provinsje útlein hokker aksjes der lanlik oppakt wurde.

Op tongersdei 10 oktober 2019 organisearje wy foar eksternen in ynformaasje gearkomste oer it ferlienen fan tastimmingen ûnder de Wet natuurbescherming. Wij sille dêryn benammen sjen nei de resinte ûntwikkelings oer de te ferwachtsjen beliedsramt en de aktualisearre ferzje fan AERIUS Calculator.

Nei de gearkomste fan 10 oktober wurdt der foar eksternen om 'e twa wike op in moandei in PAS sprekoere hâlden by de provinsje, dêr't fragen yn foarlein wurde kinne oer it PAS. It is de bedoeling dat eksternen harren oanmelde foar dit sprekoere en by dy oanmelding in koarte omskriuwing jouwe fan harren fraach.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius Riemersma, MBA MCM, sekretaris